

Twataligens

Us pjutte-opfang lokaasje is dwaande om in sertifisearre twatalige berne-opfang te wurden. Yn juny 2021 hawwe wy nivo 1 en 2 behelle. We wolle graach yn juny 2022 nivo 3 behelje. As dat slagget binne we fan dan ôf yn it besit fan it sertifikaat "boartsjendewei in taal derby".

It Frysk en it Nederlânsk hawwe in fêst plak yn ús opfang. Wy prate konsekwiint Frysk tsjin alle bern. Ferskate aktiviteiten biede wy yn it Nederlânsk oan. Fierder soargje wy foar in taalrike omjouwing. We dogge in soad oan taalaktiviteiten, wêrby't beide talen oan bod komme.

Twataligens fersterket it taalgefoel, de sosjale en de kognitive ûntwikkeling fan bern. Ek al binne se noch sa lyts, bern begripe yn in omsjoch dat in foarwerp of in handeling likegoed in Frysk as in Nederlânsk wurd hat.

Frysktalige bern krije sa in bredere basis yn harren memmetaal, Nederlânsktalige bern leare der boartsjendewei in taal der by.

Mear ynformaasje oer dit ûnderwerp fine jo yn ús pedagogysk wurkplan en op www.sfbo.nl.

Tweetaligheid

Onze peuteropvang-locatie is bezig om een gecertificeerde tweetalige kinderopvang te worden. In juni 2021 hebben we niveau 1 en 2 gehaald. We willen graag in juni 2022 niveau 3 behalen. Als dat lukt zijn we vanaf dan in het bezit van het certificaat "boartsjendewei in taal derby".

Het Fries en het Nederlands hebben een vaste plaats in onze opvang. Wij spreken consequent Fries tegen alle kinderen. Verschillende activiteiten bieden we in het Nederlands aan. Verder zorgen we voor een taalrijke omgeving. We doen veel aan taalactiviteiten waarbij beide talen aan bod komen.

Tweetaligheid versterkt het taalgevoel, de sociale en cognitieve ontwikkeling van kinderen. Ook al zijn ze nog zo klein, kinderen begrijpen heel snel dat een voorwerp of een handeling net zo goed een Fries als een Nederlands woord heeft.

Friestalige kinderen krijgen er een bredere basis in hun moedertaal, Nederlandstalige kinderen leren er spelenderwijs een taal er bij.

Meer informatie over dit onderwerp vindt u in ons pedagogisch werkplan en op www.sfbo.nl.